

SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan : *Sicco Rypma, FNP*

Datum fan yntsjinjen : 10 desimber 2020

Oan (*kar*) : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Ûnderwerp : Oankeap wenning Hylpen

Wize fan beântwurdig : Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd :
(*as it fan tapassing is*) :

Datum beantwurdig :

Taljochting:

- Stिताat beslutelist fan it kolleezje fan 1 desimber 2020: *c. Strategische aankoop van een woning aan 't Oost 10 te Hindeloopen - openbaar vastgesteld op 1 december 2020 (Wet openbaar bestuur).*
- Yn de LC fan 10 desimber 2020 lêze we: *'De gemeente wil de woning op Het Oost 10 kopen om het om te bouwen tot een douche- en toiletgebouw voor recreanten'.*
- Oeral, mar mei namme yn Hylpen is it út de wenningfoarried heljen fan wenromte in wichtich oandachtspunt.
- 18 Maart 2020 binne der troch partijen skriftelike fragen mei as titel *'Toiletten havengebied Hindeloopen'* steld. Doe is tasein: *'Wij rekenen erop dat we deze zomer meer daarover kunnen meedelen. Zodra meer bekend is zal Plaatselijk Belang worden uitgenodigd voor een gesprek'.*
- Moai dat der no in oplossing is, mar der binne noch wol fragen oer dit beslút.

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Giet it kolleezje dit út de wenningfoarried heljen fan in offisjele wenromte yn Hylpen kompensearjen mei it wenningkontingent, dus it oantal te bouwen wenningen yn Hylpen?
	<u>Antwurd:</u> Yn it dielgebiet Súdwest wêr't Hylpen ûnder falt is een opjefte en dy kin mei de wenningbou-ôfspraken ynfold wurde. It fuortbestimmen fan in wenning makket de romte wer grutter. It kolleezje komt ynkoarten mei in strategy wêrmei fierder stjoerd wurde kin op realisasje fan de opjefte yn de ferskate dielgebieten fan 'e wenningmerk. Dêrnjonken stiet it kolleezje goedwillich tsjin in inisjatyf oer.
2.	Sa ja, hoe en wannear? Sa nee, wêrom net?
	<u>Antwurd:</u> Sjoch it antwurd by 1.
3.	Is it nommen beslút mei Pleatslik Belang Hylpen oerlein en of kommunisearre? Graach taljochting.
	<u>Antwurd:</u> It giet om in lytse wente fan 38 m2 dy't foar in part op ús grûn stiet en diel útmakket fan de slús dêrnjonken. Wy binne noch dwaande mei it oankeapjen fan de wenning. It duorret wat langer dan wy tochten. No't de geheimhâlding der ôf is, is Pleatslik Belang op 'e hichte brocht. Der is ôfpraat dat wy Pleatslik Belang op 'e hichte hâlde sille oer it ferrin.

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):

